

Oan Boargemaster en Wethâlders fan de gemeente Menameradiel
en
Oan de Gemeenteried fan Menameradiel
Dyksterbuorren 16 9036 MS Menaam

Beh.	8600 / H. Hette 8010 / W. Bruin
3 NOV. 2016	
03/11/2016	
	
M16.101675	

Bitgummole, 2 novimber 2016

It ûnderwerp: Beamsingels by Bitgum e.o.

Achte Boargemaster en Wethâlders, achte Riedsleden,

Nei mear as fiif moanne wachtsjen krigen wy in op 23 sept. datearre reaksje fan B & W op ús brief fan 10 april. It antwurd is nei ús betinken ûntwikend en it stelt ús teloar.

De rjochtstreekse oanlieding Jo in brief te skriuwen oer it behâld fan unike, byldbepalende en historyske lânskipseleminten wie it dimpen fan inkelde sleatten by Bitgum. Troch dizze dimping driigje de beammen, dy't yn dit gefal ûnder de Boskwet falle en troch dizze wet beskermte wurde, oan en yn dizze tichtsmiten sleatten te fertutearzjen en it net te rêden. Út it antwurd fan B & W docht bliken dat de gemeente net fan doel is de dimping te neate te dwaan. Jo ferwiize inkeld nei de FUMO dy't tafersjoch hâlde moat op it neilibjen fan de Boskwet en dy't oanjûn hat dat nei it kapjen of fuortheljen fan de beammen op 'e nij plantsjen fereaske is. Wy fine dat it moedwillich dimpen fan sleatten, wêrtroch de beammen seker dea gean sille, ek yn striid is mei it doel fan de Boskwet. Jo jouwe net oan wêr, hoe en wannear op 'e nij plante wurde sil.

Wy fine de reaksje fan B & W absolút ûnfoldwaande. No al docht bliken dat fjouwer beammen hast dea binne en seis oare sille takomme maityd grif net mear yn't blêd komme. Wy ferwachtsje fan de gemeente dat hja mei de Boskwet yn de hân fan de lâneigner ferget de dimping ûngedien te meitsjen en de beammen dy't al dea binne of noch dea gean te ferfangen. Ferfange, net mei twiichjes, mar mei foarse eksimplaren, **op it plak sels**. Dit op koarte termyn, omdat it gjin útstel lije kin. Wy freegje Jo de data hjirfan oan ús witte te litten.

Yn ús brief hawwe wy ek ús soargen ferwurde oer it ferlern gean fan moaie lânskipseleminten dy't sa wichtich binne foar it wolwêzen fan ús ynwenners. Yn de doarpsvyzje fan Bitgum stean de beamsingels ek beskreaun as weardefol om te hoedzjen. Yn it antwurd fan B & W wurdt inkeld ferwiisd nei it nije bestimmingsplan Bûtengebied dat noch kommandewei is. Jo sille begripe dat ek dit ûntwikende antwurd ús teloarstelt. No moatte wy mar wachtsje op dit bestimmingsplan. Op ús oanbod om mei de gemeente wichtige lânskipsskaaimerken te ynventarisearjen en fêst te lizzen wurdt troch Jo net yngien. Nochris, wy binne ré om mei te tinken oer it nije bestimmingsplan Bûtengebied. Jo antwurd sjogge wy mei gauwens temjitte.

Mei achtinge,

Stichting Ringsom Great Terherne

Doarpsbelang Bitgum

Sikke Lautenbach

Lucie Braaksma – de Vries foarsitter

Sybe Bloem foarsitter

ynwenner Bitgum

Trytinsje de Lang – Bosma skriuwer

Schwartzenbergstrjitte 4

Doniastrjitte 13

It Bosk 8 9045 PA Bitgummole

9044 NB Bitgum

9044 ND Bitgum

Taheakke: .Twa foto's fan de beamsingels

